

**Oarder fan tsjinst snein 14 maart 2021,
De Gerdyk, 9.30 oere.**

**Foargonger: ds. B. Keizer
Âlderling fan tsjinst: Brant Visser
Oargelist : Anne Jaap Soldaat**

Oargelmuzyk

Wolkom troch de âlderling fan tsjinst
Oanstekken Peaskekears

Yntocht: Liet 283: 1, 3, 4 *Yn 'e mannichte fan lûden*
1 Yn 'e mannichte fan lûden,
yn it stoarmjen fan 'e tiid,
sykje wy it sêfte sûzjen
fan it wurd dat freugde biedt.

3 Want wy minsken hjir op ierde
wurde wurch fan nacht en kwea.
Soene Jo, Hear, ús net liede
dan oermanne ús de dea.

4 Lit ús yn jo frede diele,
lit him delkomme_ as de dau.
Wol ús heine yn 'e strielen
fan jo goedens en jo trou.

Stil gebed

Fotum en groetnis

Gebed

Ynkear: Liet 321 (325): 1, 2, 4, 6 *Net as in stoarm, as in floed*
1 Net as in stoarm, as in floed,
net as in bile_oan 'e woartel
komme de wurden fan God,
net as in skot yn it hert.

2 Mar as in glim fan it ljocht,
in griene twiich yn 'e winter
toarstich en hurd dizze grûn –
sa is it ryk fan ús God.

4 Lytsen en earmen fan geast,
minskebern, lottere ta frede,
hearre de namme_ yn har hert,
drage it wurd yn har fleis.

6 Net yn it grêf fan alear,
net yn in timpel fan dreamen,
yn ús fermidden is Hy,
hjr yn it skaad fan 'e hoop

Skriftlêzing: Genesis **41**: 46-48, 53-57, **42**:1-3

Skriftliet: 166b: 1 - 5 *Joazef siket om syn broers*

1 Joazef siket om syn broers.
Alle tsien binn' se jaloersk.
Pronkjas, wy sill' dy wol krije,
do moatst oer dyn dreamen swije.
Fielst dy faaks wol och sa grut,
mar no giesto yn 'e put.

2 Joazef wurdt as slaaf ferkocht,
hy wurdt nei Egypte brocht.
Alle dreamen binn' ferjitten,
hy moat jierren finzen sitte.
't Is ûnearlik en gemien
want hy hat gjin mins wat dien.

3 Lange jierren gear' foarby,
mar de Heare stiet him by.
Joazef kin de útlis neame
as twa manlju hiel frjemd dreame.
Mar de skinker? Hy ferjit
dat syn rêder finzen sit.

4 Farao, heech op syn troan,
dreamt sa raar fan kij en koarn.
Joazef komt om út te lizzen
wat dy frjemde bylden sizze.
Moanne_en stjerren, ko en ier,
alle dreamen wurde wier.

5 God brocht yn syn lot in kear,
Joazef kriget alle ear.
Ek de bruorren moatte bûge,
't folk wurdt nei Egypte nûge.
Sa hâldt God troch Joazefs hân
't folk fan Israel yn stân.

Skriftlêzing: *Johannes 12: 1 -11*

Skriftliet: 563: 1, 2, 3 *De nardusmirre jout syn rook*

1 De nardusmirre jout
syn rook woldiedich wei
en bringt as treast in weach
fan wûndere leafde mei.

Sa wurdt in tinkstien boud,
in grêf mei blommen sierd,
ta ôfskied fan ien dy't
foar my myn alles wie.

2 Kaam net dyselde rook
as bern al op Him ta?
In wolk fan mirre mocht
Hy om syn krêbe ha.
In wize joech it oan
– wat taal net sizze koe –
in teken hoe't Hy skielk
syn útein fine soe.

3 Ik sparre libbenslang
de balsem yn myn krûk;
myn lêste soarch en winsk
neffens alâld gebrûk.
Ik wit, it lêste wurd
is net mear oan 'e dea,
sûnt Hy dy't stjerre sil
my al syn leafde bea.

Preek

Oargelmuzyk

Tanksizzen, foarbea, stil gebed en Ús Heit

Liet 425 *Wy gean mei jo segen bliermoedich ús wegen*

Wy gean mei jo segen
bliermoedich ús wegen,
jo wurd fan omhegen
joech ús nije moed.
Hy dy't ús behâld is,
it ljocht fan 'e wrâld is,
wol waarmje wat kâld is
mei syn leafdegloed.
Wat Kristus ús learde
is sied ta bekearing,
wy siedzje_it op ierde
en wachtsje_op wat komt.
En ûnder de hoede
fan Him dy't ús stjoerde
sill' leafde en goedens
aanst dije rûnom.

Segen

Oargel